

Oan de leden fan de ried fan de gemeente Noardeast-Fryslân

Postbus 13
9290 AA

Jo brief fan:
Jo merkteken: Z2022-252835

Us adres: Postbus 13,
9290 AA Kollum

Us telefoannr: (0519) 29 88 88
Us whatsapp nr: (06) 120 830 46
Us e-mailadres: info@noardeast-fryslan.nl
Us merkteken: Z2022-252835

Webside: www.noardeast-fryslan.nl

Behannele troch: F. Kamstra
Taheakke(n): Fersk.

Datum: 29-11-2022
Datum ferstjoering:

Underwerp: Stân fan saken gebietsûntwikkeling Tolhuispark

Achte ried,

Op 17 febrewaris II. hat jo ried de ynvestearingskrediten beskikber steld foar de ûntwikkeling fan it Harddraverspark, it ferpleatsen fan de tennisfjilden en de gebietsûntwikkeling fan it Tolhuispark. De opdracht is meijûn om earst oan 'e slach te gean mei de sportfoarsjennings. Mei dit skriuwen ynformearje wy jo oer de stân fan saken wat de gebietsûntwikkeling fan it Tolhuispark en sportfjild Harddraverspark oanbelanget.

Foar de ynrjochting fan it Tolhuispark is in definityf ûntwerp makke

Yn oparbeidzjen mei de sportferienings en yn oerlis mei oare belutsenen is in foarriedich en definityf ûntwerp makke foar de ynrjochting fan it Tolhuispark. It foarriedich ûntwerp (VO) jout romtlik de situearing oan fan de tennisbanen, sportfjilden (kuorbal, hockey en fuotbal) en de folsleine iepenbiere romte. Yn it ûntwerp is ekstra omtinken jûn oan wêr't de sportfjilden lizze yn ferliking mei de klupbebouwing. Ek binne de paden en diken, de folsleine wetter- en grienstruktuer, it parkearen (auto's sawol as fytsen) fierder útwurke. It VO is as taheakke by it skriuwen dien.

Yn it definityf ûntwerp (DO) is dêrnei dit ûntwerp oant yn detail útwurke. Tagelyk mei it ûntwerpen is der mei de sportferienings ek in program fan easken (PvE) opsteld wurden. It PvE leit de rânebetingsten fêst dy't nedich binne foar de fierdere útwurking fan it terreinplan nei in definityf plan. It DO tsjinnet mei it PvE as basisdokumint foar de oanbesteging.

De ferpleatsing fan de tennisferiening is fierder útwurke

Earder is op haadlinen oerienstimming mei Tennisclub Dokkum berikt oer de ferpleatsing fan it Harddraverspark nei it Tolhuispark. It giet dan om de ynrjochting fan it park en de betingsten wêrûnder de ferpleatsing wêze sil. De tennisklup hat yn in ledegearkomste hjirmei ynstimd. De gemeente leit it tennispark mei de oare sportfjilden oan. De tennisklup bout op it park mei in bydrage fan de gemeente sels it klupgebou. De lokaasje oan it Harddraverspark komt yn eigendom fan de gemeente en de tennisklup krijt de grûn yn it Tolhuispark yn eigendom en behear.

Mei de útwurking fan it ûntwerp en it PvE is dit wer in stap konkreter wurden. Oant op detail is no oanjûn hoe't it tennispark der út komt te sjen en hoe't dit ynrjochte wurdt. Mei de tennisklup binne wy yn in faze telâne kommen om de ôfspraken definityf yn in oerienkomst fêst te lizzen. It giet dan om de ynhâldlike en finansjele ôfspraken tusken belutsen partijen, de gemeente en Tennisclub Dokkum. Dit alles binnen it troch jo ried fêstelde ramt. Wy kinne no melde dat wy koartby definityf oerienstimming mei de tennisklup berikt hawwe oer it ferpleatsen.

It wyzigingsbestimmingsplan Tolhuispark is yn proseduere

Om de nije sportfoarsjennings yn it Tolhuispark realisearje te kinnen is in wyziging fan it bestimmingsplan nedich. Yn it bestimmingsplan Dokkum Regiostad dat hjirfoar jildt is hjir earder rekken mei hâlden en is der it foech fan it kolleezje om wyzigje te kinnen, opnommen. It kolleezje hat it foech om binnen it ramt sa't dat

oanjûn is, de besteande bestimming om te setten nei in sportbestimming. Foar it wyzigingsplan binne de ûndersiken dy't dêrfoar nedich binne, yn gong setten en útfierd wurden. Der is yn it bysûnder omtinken jûn oan archeology.

Ut earder archeologysk ûndersyk is de konklúzje dat binnen it plangebiet in hege ferwachting jildt op fynplakken út de stientiid. It ûntwerp (VO en DO) fan it Tolhuispark is hjirop ôfstimd, om te soargjen foar sa min mooglik fersteuring en om de wearden op dat plak te behâlden. Fierder hat yn dit proses ôfstimming west mei de provinsje Fryslân en Wetterskip Fryslân. It ûntwerp wyzigingsplan is úteinlik yn proseduere nommen en hat op besjen lein foar sjenswizen. De folgjende stap is de fêststelling.

De oanbesteging fan it projekt is west

Parallel oan 'e proseduere fan it wyzigingsplan hawwe wy stappen set rjochting de echte úfiering fan it projekt. It beslút is nommen om it wurk yn bouteam oan te besteegjen en út te fieren. Dit omreden fan de belutsenens en belangen fan de sportferienings yn dit projekt. Mar ek om gebrûk meitsje te kinnen fan de kennis en ûnderfining fan de oannimer yn dit projekt. De gemeente hat by de oanbesteging in budzjetplafond fêstlein, dêr it wurk binnen útfierd wurde moat. Dit op basis fan earder makke roaïings en binnen it troch de ried beskikber stelde kredyt.

It is fan belang om noch te neamen dat yn dizze oanbesteging ek it oan te lizzen sportfjild (keunstgersfjild foar fuotbal) yn it Harddraverspark meinommen is. Dit om ek hjir mei de sportynrjochting stappen te meitsjen en omreden fan effisjinsje. Wêr't it mooglik is om by de oanlis fan beide ûnderdielen wurk mei wurk meitsje te kinnen. Foar in part fan it Harddraverspark wurdt earst de besteande skets yn oerlis mei de sportferienings en belutsenen ek noch útwurke yn in VO en DO.

Yn 'e tuskentiid is de oanbestegingsproseduere mei sukses trochrûn en is fia in earste gunning ek de definitive gunning west. De opdracht is gund oan Gebr. Van Kessel út Buren (Gelderland). Dit is in bou-ûndernimming mei in soad ûnderfining op it mêd fan ynfastruktuer en it oanlizzen fan sportparken. De earste oerlizzen yn it bouteam binne hâlden. It doel is om yn de earste helte fan 2023 yn it Tolhuispark útein te setten mei de oanlis.

Mei heechachtinge

Ut namme fan it kolleezje fan boargemaster en wethâlders fan Noardeast-Fryslân,

H.J.C.M. Verbunt, MBA
Sikretaris

mr. J.G. Kramer
Boargemaster

Bijlage 1: A) Ontwerp herinrichting Tolhuispark (VO)



B) Luchtfoto van het Tolhuispark Dokkum

